

'Obsedearre fan iensumheid, dea en ellinde'

DE HOMMERTS - Yn 1990 debutearre Jabik Veenbaas (1959) mei de ferhalebondel 'Tusken Himmel en Hel'. Koartlyn kaam bij de Friese Pers Boekerij syn twadde bondel mei koarte ferhalen út: 'De brulloft fan Valentijn'.

Neist it skriuwen fan koarte ferhalen hat Veenbaas de ôfrûne jierren hiel wat wurk fan oaren oersetten. Sa makke er fertalingen fan it proaza fan bekende skriuwers as John Irving en de Amerikaanse sjoernalist I.F. Stone. Op 't stuit is er dwaande mei de oersetting fan Immanuel Kant syn wichtichste wurk, 'Krityk der reinen Vernunft' en fan Trinus Riemersma set er 'Nei de klap' oer yn it Nederlâns. Yn 1999 krige Veenbaas de Obe Postmapriis fan de provinsje Fryslân takend foar syn oersettingen fan de fersen fan Obe Postma foar de bondel 'Van het Friese land en het Friese leven'. As literêr kritikus foar de Leeuwarder Courant resinssearret Veenbaas sûnt 1999 Fryske romans en ferhalebondels.

De nije bondel fan Veenbaas befettet sân ferhalen en dat is yn fergeliking mei syn debûtbondel mar leafst trettjin stories minder. It tal siden fan beide boeken ûntrint mekoar oars net: 127 siden foar it earste boek en 120 siden foar de twadde publikaasje. De konklúzje mei dus wêze dat Veenbaas yn 'De brulloft fan Valentijn' wat langere koartere ferhalen skriuwt as yn syn earstelingsbondel. Op 'e achterflap fan 'De brulloft fan Valentijn' is te lêzen dat 'Jabik Veenbaas diskear benammen skriuwt oer jonge minsken, dy't ûnder ynfloed fan in traumatysk barren harren ûnskuld ferlieze.' In soad problematyk yn 'e ferhalen fan dizze skriuwer, trouwens yn 'Tusken Himmel en Hel' wiene der ek al konflikten bij de rûs. Fan 'e sân ferha-



len binne mar leafst fiif skreaun út it perspektyf fan in adolesint wei. Lichamelike en seksuele ûntwikkeling binne kaaiwurden foar de ferhalen 'De jonge en it wetter' en 'De grot'. Yn it earst neamde ferhaal spilet in jonge de haadrol, yn it twadde ferhaal stiet it famke Jennifer sintraal. Beide ferhalen hawwe in tige mystike en benearjende sfear, werbij't yn 'De jonge en it wetter' ek noch moai wat nostalgys jeugdsentiment ferwurke is.

De personaazjes yn dy adolesinsjeferhalen binne allegear tige op harsels rjochte en de sfear is net allinne mystyk en benearjend mar ek de swartgallige kant it neist. De measte lêzers sille dan no net bepaald fleurich wurde nei

it lêzen fan al dy tryste monologen. De skriuwer Veenbaas liket obsedearre fan iensumheid, dea en ellinde. Veenbaas liket wol wat in adept fan Durk van der Ploeg, dy't yn syn koarte ferhalen deselde foarkar hat foar de skaadkant fan it libben. Valentijn (min ofte mear in speaking name!), de haadpersoan yn it titelferhaal, sit grôtfol mei wrok en foardat er syn imaginêre breid it ja-wurd jaan sil folget earst in yntryste monolooch. In bittere allinespraak fan in folslein yn himsels kearde jongkearel, oer hoe striemin hij troch syn famylje en freonen behannele is.

Der is gjin inkelde útwei mear, it ienige wat oerbliuwt is in sabeare breid

oan wa't er al syn ellinde kwyt kin. Oan 'e ein fan it ferhaal brûkt Veenbaas ek wer religieuze eleminten, en soks is net útsûnderlik yn it proaza fan dizze skriuwer. Wat ek opfalt binne de typografise 'eigenaardichheden' yn syn ferhalen. Sa steane yn 'De brulloft fan Valentijn' nei al dy koartestakato-eftige sintsjes trije puntsjes. De toan wurdt hjirtroch ôfbiten, wreed en fol opsternatens. De wurden rattelje oer it papier. Yn 'De weromreis' is de typografy ek opfallend. Wer dy agressive puntsjes oan 'e ein fan 'e sinnen. De haadletters, skeanprinte letters en de 'gewoane' letters' jouwe de ferskillende fertellingen oan. It ferhaal giet oer de weromreis, fan Rome nei hûs, dy't de haadpersoan makket.

Mar it is ek in dramatise ynderlike sentimental journey werbij't it ferlies fan in libbenspartner ferwurke wurdt. De 'Weromreis' fyn ik oars fierwei it bêste ferhaal, omdat it sa ynholden en sober ferteld wurdt. It eksperimentearjen mei de ferskillende stylfoarmen, neist de 'monologue intérieur' brûkt Veenbaas ek deiboekfragminten, liket de opmaat te wêzen foar it skriuwen fan langer proazawurk.

Hjir en dêr sitte der noch wat bonkjes yn it taalgebrûk fan Veenbaas: 'Se seach hoe't François him oan begûn te klaaien' (s.66); '...en dan besochten se wol wêrom te kommen' (s.68); 'No en dan sliepte ik yn...' (s.84). Nei al dizze koarte swiersettige ferhalen bin ik benijd of Veenbaas it ek oan kin om ris in roman te skriuwen. Fan in tredde bondel mei swartgallige Veenbaas-stories haw ik foarearst gjin ferlet.

sn. hblol.
2018
2001
Henk van der Veer
'De brulloft fan Valentijn', ferhalen fan Jabik Veenbaas. Omslachûntwerp Gerit Jan Slagter. Friese Pers Boekerij, Ljouwert. Priis f 27,50